

## It ferhaal fan de kryststâl en de hoeder

**Kryststâl:** "It wie yn 2005. Ik, de kryststâl, lei yn in hoekje op de rommelmerk. Ik wie ôfdankt, útwenne en in bytsje stikken en net mear fan dizze tiid. Mar op in goede dei barde it: der kaam ien dy't my seach en mei nei hûs naam.

De keaper hie gjin romte mear foar in krystbeam mar noch wol foar my, in kryststâl. Ik hie oan in beskieden plakje genôch: de krêbe mei Jezus en de figuerkes fan Jozef en Maria wienen yn ferhâlding ek net grut; de wizen mei har kamelen en gesinken en de os en de ezel moasten fansels ek in plakje ha, want dy spilen in belangrike rol. De hoeders wiene der ek noch mar de skiep wiene weiwurden yn de rommel op de merk.

Nei't de nije eigner my mei wat hout, spikerkes, moas en ljochtsjes oplape hie, krige ik in hiel moai plakje yn de keamer. En der wiene wol gauris in pear berne-eachjes om nei my te sjen en dat fûn ik hiel fijn. Ik koe wer besjen lije.

Jim soene sizze dat ik no wer hiel gelokkich wêze soe, mar dat wie sa net. Want de skiep, oh, wat miste ik de skiepkjes! Myn tafriël wie net kompleet sûnder skiep en dan binne je net gelokkich. Mar skiepkjes binne der dochs rûnom op dizze wrâld, soe men sizze. En sa wie it: der ferskynden earst in stik of seis, sân, mar as der ien skiep oer de daam is folgje der mear. En no, yn 2017, binne der safolle skiep, in hiele kudde! Ik bin it sicht dêrop suver kwyt, dus dêr sil de hoeder jim oer fertelle."

**Hoeder:** "Ja, ik bin de hoeder fan dizze keppel skiep. Dy't ik op 'e earm ha wie fuortrûn mar ik ha him wer fûn gelokkich. En ik sil no goed op him passe.

Foar my hawwe skiep in gesicht. En in ferhaal.

Skiep binne foar my as it folk fan dizze ierde dêr't ik op passe moat en asto de kudde op dizze wize beskôgest wurdt it al oars.

Wy, de skiep en ik, krigen in útnûging fan de tsjerke om yn de fitrine te stean. Dat wie geweldich, mar wy binne mei ús trijehûnderten, soe dat kinne?

'Nee', waard der sein, 'dêr is gjin plak foar.'

Gjin plak? Wêr haw ik dat earder heard, gjin plak! Sa'n grutte tsjerke en dan gjin plak? Mar der wie gjin ferwin op: 'Aanst moat de krystbeam der yn en der moatte koaren sjonge en it bernekrystfeest moat ek fierd wurde... oars wol hear, mar yn desimber is it o sa drok yn tsjerke. De fitrines binne leech, dêr moatte jimme yn.'

Dan moat it mar oergean, want hokker skiep moat ik dan thúslitte? Ik hâld fan allegearre likefolle. De lytse lamkes ha my allegear noadich en ik har. Der binne in pear mei sloppe fuotten, dy kinne amper stean, dy moatte yn alle gefallen mei. Dy kinne wol wat ekstra oandacht brûke.

Der binne ek guon dy binne net sa moai, dy falle hiel faak bûten de groep en wurde ek wolris pleage. Mei dy skiepkjes bin ik hiel wiis dus dy moatte ek mei. En dan al dy skiep dy't út it bûtenlân komme, en dat binne der nochal wat. Der steane ek in pear út Armenie by en dy moatte ek fan herte wolkom wêze yn ús moaie tsjerke. Oan it hier en de kleur is hiel goed te sjen dat it bûtenlanners binne, mar se steane fredich tusken de wite Fryske dykskiep en ite itselde gers en binne my like leaf. It docht my as hoeder o sa goed dat se goed meielkoar kinne.

Dan is der noch in keppeltsje skiep dat finzen sit en dy moatte it sicht op de stâl net ferlieze, oars litte se de moed sakje en dat wol ik net op myn gewisse ha. En sa binne der noch in hiel soad oare, elk mei syn of har eigen ferhaal. Miskien liket jo ferhaal wol op dat fan dy skiep...

Gelokkich binne der ek in soad fleurige skiep yn myn kudde. Dy ha net folle problemen en jouwe kleur en fleur oan de groep. Ek dy moatte mei, oars fine de oaren der neat oan.

En dan is der ek noch in hiele koer mei skiep dêr't mei knuffele wurde kin. Dy binne hiel sacht en leaf en wolle o sa graach ris by de bernetsjerke sjen oft der ferlet is fan leafde en waarmte.

No hoopje ik mar dat der in plakje foar ús frijmakke wurdt want om allinnich mar yn in fitrine te pronk te stean, dat is net wat ik yn gedachten ha.

Gelokkich rint it goed ôf: der komt in moaie tafel yn it gebou en dêr passe wy alle gearre op. Der hoecht net ien fan myn skiep thús te bliuwen. Iderien kin ús dan goed besjen en der syn eigen ferhaal by meitsje. Sis no sels, it folk fan dizze ierde hat in soad ferlet fan wat omtinken. Dat jildt foar skiepkjes mar ek, en benammen, foar ús neisten. Tichtby en fierôf."

Oant sjen,

De hoeder

(Ik hoopje foaral in soad berne-eachjes te sjen)